

Brûk de taal fan dyn hert

Praten leare is eins in wûnder. En dochs, alle bern kinne it leare. Hoe't dyn bern in taal leart? Troch wurden en sinnen nei te sizzen. Hoe mear wurden dyn bern heart, hoe flugger dyn bern it praten leart. Praat fanôf it allerearste begjin safolle mooglik mei dyn bern. Prate kin altyd. Bygelyks by it fersoargjen. Of as jim mei elkoar ite, boartsje of in kuier meitsje.

Brûk de taal dy't it tichtst by dy stiet. Yn dy taal kinst better sizze watst krekt bedoelst en fielst. Brûk de taal fan dyn hert. Bist goed yn ferskillende talen? Brûk dan de taal dy'tst graach oan dyn bern oerdrage wolst.

Bist meartalich ast geregeld mear as ien taal brûkst. Dat hat in soad foardielen. Meartalige minsken ha mear gefoel foar taal. Ek kinst fleksibeler tinke en dy better ynlibje yn de oar. Dyn bern leart sûnder muoite ferskillende talen tagelyk. By in bern giet dat folle makliker as op lettere leeftiid.

Hast fragen oer taalûntwikkeling? Wolst mear witte oer meartaligens? Of sikest nei geskikte (foar)lêsbuochen yn ferskillende talen? Rin dan ris binnen by de Bibliotheek yn dyn buert! Wy helpe dy graach fierder.




Scan de koade!


Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Gelettertheid



de Bibliotheek



MANZANA



APPLE



APPEL

De memmetaal as basis

De taal dy't jim thús prate, is de thústaal of memmetaal fan dyn bern. Dizze taal is it fûnemint foar de fierdere taalûntwikkeling. Hoe sterker dizze basis is, hoe better. Want op de memmetaal bout dyn bern oare talen, lykas it bouwen fan in hûs.

Hoe't soks wurket? Dyn bern leart wat it wurd 'apel' betsjut yn de memmetaal. Dyn bern wit dat in apel rûn is. Dat in apel grien of read wêze kin en swiet of soer smakket. By it learen fan in oare taal hoecht dyn bern allinne mar de nije wurden foar 'apel', 'grien', 'read', 'swiet' en 'soer' te learen. De betsjutting fan dy wurden wit dyn bern nammentlik al.

Dus praat of sjong in soad mei dyn bern. Lês dyn bern foar. Beneam de dingen dy'tst dochst. En brûk de taal dy'tst it bêste kenst. Makkest dan meastal langere sinnen en brûkst mear wurden. Sa soargest foar in sterke basis foar dyn bern.

Wurde der thús ferskillende memmetalen praat? Dan kinst meardere thústalen trochjoan. Troch in soad te lústerjen, leart dyn bern om de ferskillende talen sûnder swierrichheden te skieden.



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Geletterheid



de Bibliotheek



Talen om dy hinne

Kenst grif minsken dy't thús meardere talen prate. Yn Fryslân prate minsken bygelyks Nederlânsk, Biltsk, Stellingwerfsk of Frysk. Minsken mei in migraasje-eftogerûn prate faak ek ien of meardere talen, neist de taal dêr't se mei opgroeid binne.

Hokker talen komt dyn bern allegearre tsjin? By famylje, buorlju, freonen, de berneopfang, skoalle of oppas? Hokker talen binne foar dy wichtich en wolsto dyn bern meijaan? It trochjaan fan dyn eigen memmetaal soarget derfoar dat dyn bern makliker prate kin mei famylje. En dat betsjut faak ek in better ûnderling kontakt.

It meartalich grutbringen fan dyn bern hoechst net allinnich te dwaan. Freegje oan minsken yn dyn omjouwing oft dy in bepaalde taal mei dyn bern prate wolle. Dyn bern leart nei in skoftsje sûnder muoite om te skeakeljen tusken de ferskillende talen.



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Geletterheid



de Bibliotheek



Praat ek Frysk

It Frysk is de twadde offisjele taal fan Nederlân. Mar in lyts part fan de Nederlanners praat Frysk. Dêrom neame wy it in minderheidstaal. De measte minsken yn ús lân prate Nederlânsk, sadwaande kriget dy mearderheidstaal folle mear omtinken.

It is dêrom ekstra wichtich foar in minderheidstaal om in stevige basis te lizzen. Dyn bern moat it Frysk faak hearre. Meitsje bygelyks ôfspraken oer it brûken fan it Frysk. Mei dyn partner, freonen, kollega's, oppas, buorlju en famylje. Hoe better dyn bern it Frysk behearsket, hoe better dyn bern ek oare talen oanleare kin.

Is jim thústaal Frysk? Dan is it prima om thús Frysk te praten mei dyn bern. Der is genôch aanbod fan it Nederlânsk yn de omjouwing. Sadwaande prate Frysktalige bern al gau floeiend meartalich. Prate jim ek Nederlânsk thús? Dan is it prachtich om beide talen troch te jaan oan dyn bern.



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Geletterdheid



de Bibliotheek

A colorful illustration of a family of three. On the left is a woman with long blue hair, a yellow face, and a red hoop earring. On the right is a man with a yellow face, a blue cap, and a mustache. In the center is a child with a yellow face and a red tuft of hair, wearing a red shirt. The background consists of concentric red and orange circles. Two speech bubbles are present: one from the woman and one from the man.

hasto
toarst?

wil je
wat
drinken?

Leare te praten troch te lústerjen

Taalúntwikkeling fan 0 oant 1 jier

Dyn bern leit al hiel betiid de basis foar de taalúntwikkeling. Al yn de memmebúk kin dyn berntsje lûden hearre en stimmen ûnderskiede. Lykas de stim fan de mem. Nei de berte hat dyn bern foarkar foar dy bekende lûden.

Fan sawat 6 moanne ôf begjint dyn berntsje te brabbeljen. De earste maklike klanken wurde makke, lykas `e`, `a`, `p` en `m`. Dyn berntsje begjint ek ienfâldige wurden en sinnen te begripen. Dat slagget noch better as der ek gebaren brûkt wurde.

Wês net benaud om safolle mooglik yn de thústaal mei dyn bern te praten. Der is genôch oanbod fan it Nederlânsk, bygelyks op skoalle, op telefyzje of yn de Biblioteek. Bern leare it Nederlânsk better as de basis sterk is.

Tips:

- Prate mei dyn bern kin de hiele dei. By alles watst dochst!
- Kenst ferskes of ferhalen yn it Frysk of yn in oare taal?
Genietsje der tegearre mei dyn bern fan.
- Begjin al betiid mei foarlêzen. Yn boeken komme nammentlik mear ferskillende wurden foar as yn gewoane petearkes. Yn de Biblioteek fynst printeboeken yn ferskillende talen.



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Gelettertheid



de Bibliotheek



Meardere talen tagelyk

Taalúntwikkeling fan 1 oant 2,5 jier

Dyn bern leart in taal troch de taal te hearren. Yn de earste 2,5 jier is dyn bern krekt in spûns en wurdt alles opnommen. Stadichoan begjint dyn bern hieltyd mear te begripen fan wat minsken sizze. Ek besiket dyn bern sels wurdsjes te meitsjen.

Meartalige bern groeie op mei twa of mear talen tagelyk. Faak is de wurdskat per taal earst lytser as dy fan ientalige bern. Mar foar alle talen by elkoar is dy krekt wer grutter! Dat is logysk, omdat dyn bern de talen net altyd op deselde plakken brûkt. Ast meardere talen in soad brûkst, sil dyn bern úteinlik like goed Nederlânsk prate as ientalige leeftidsgenoatsjes.

Yn dizze faze fan de taalúntwikkeling leit dyn bern de ferbining tusken de ferskillende talen. Mei help fan besteande taalkennis wurdt sa in nije taal leard. Hoe sterker de basis fan de thústaal is, hoe better soks giet. Dêrom bliuwt it wichtich om ek yn dizze faze de thústaal safolle mooglik oan te bieden.

Tips:

- Praat in soad mei dyn bern en fertel watst sjochst.
- Stel fragen lykas: "Wêr is de tafel?" En befêstigje dêrnei: "Ja, dat is de tafel."
- Beneam watst dochst: "Ik doch no dyn sokken oan."
- Fertel yn dyn eigen taal wêr't in boek oer giet.
- Yn de Bibliotheek fynst printeboeken yn ferskillende talen.



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Geletterdheid



de Bibliotheek



Talen ferbine

Taalúntwikkeling fan 2,5 oant 5 jier

Al fan de basis ôf sammelje wy yn ús holle alle talen yn ien grut wurdboek. Talen steane altyd 'oan'. Fan 2,5 jier ôf makket dyn bern al koarte sintsjes mei de wurden út dat wurdboek. Ek begjint dyn bern mei it stellen fan fragen, lykas: "Mem, mei ik in apel?".

Yn dizze faze helje meartalige bern talen noch faak troch elkoar. Dat is hiel normaal. It betsjut dat de taalúntwikkeling goed ferrint. It lit sjen dat dyn bern ferbinings leit tusken de ferskillende talen.

Dyn meartalige bern kin troch in 'stille perioade' gean, dêr't in nije taal noch net aktyf yn praat wurdt. Yn de holle fan dyn bern bart der dan in hiel soad: dyn bern lústeret nei de omjouwing en besiket nije wurden te begripen en oer te setten. Yn dizze perioade giet de taalúntwikkeling fan dyn bern folop troch en wannear't dyn bern selfsekerder wurdt, dan sille de wurden fansels komme.

As dyn bern âlder wurdt, kin dyn bern talen hieltyd better skiede. Letter kin dyn bern maklik wikselje tusken de iene en de oare taal.

Tips:

- Ferbetterje dyn bern net. Werhelje de sin op de goede wize.
- Foarlêze en prate yn de thústaal bliuwt belangryk.
- Sjoch nei in Nederlânsk telefyzjeprogramma en praat der oer yn de thústaal.
- Gean regelmjittich tegearre mei dyn bern nei de Biblioteek.
- Lit dyn bern yn in boek dingen oanwize en beneame.
- Doch in soad taalspuitsjes lykas rymje, sinnen ôfmeitsje en riedsels: "Ik sjoch in read, langwerpich ding en kinst der mei skriuwe."



Scan de koade!

Inisjatyf fan de Fryske biblioteken en Fers,
yn gearwurking mei Lectoraat Meertaligheid & Geletterdheid



de Bibliotheek